

# Examen VWO 2011

tijdvak 1  
maandag 30 mei  
13.30 - 16.30 uur

**Fries**

tevens oud programma

**Fries**

---

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 31 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 51 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer is aangegeven hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd.

Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

## Tekst 1 Frysk boargerskip yn de 21ste ieu

1p 1 Hokker funksje hat alinea 1?

- A anekdoate
- B gearfetting
- C konklúzje
- D probleemstelling

Yn alinea 2 fertelt Looper oer syn eigen ûnderfining mei it plak fan de Slach by Warns.

1p 2 Hokker funksje hat syn ferhaal?

- A argumintaasje by de sin “Mei dat dilemma ... skerp te setten.” (r. 14-17)
- B argumintaasje by de sin “As der earne ... op it Reaklif.” (r. 17-20)
- C ferantwurding fan syn taspraak
- D útlis fan syn refleksje

Looper fynt fan jongs ôf it Reaklif in ‘magysk plak’ (alinea 2).

1p 3 Wat is dêrom de kearnsin fan alinea 2 en 3?

1p 4 Mei hokker wurd jout Looper in negative gefoelswearde oan de betinking fan de Slach by Warns?

Alinea 3 kin yn trije parten ferdield wurde.

3p 5 Jou oan wat dy trije parten binne en jou de funksje fan elk part oan. Kies dêrby út de begripen: anekdoate, argumintaasje, gearfetting, konklúzje, ôfwaging en stelling.

“De ‘delokalisearring’ is in ramp foar goed boargerskip” (r. 95-96).

3p 6 Yn hokker twa tinkstappen komt Looper ta dy konklúzje? (Brûk foar it antwurd net mear as 30 wurden.)

“As de Waadferiening der yn de tolfde ieu al west hie, wat soe dy protestearre ha tsjin de bedikings” (r. 104-106).

1p 7 Soe Looper it mei dat midsieuske protest iens west hawwe, of net?

- A Ja, want wy moatte de feroaring fan it lânskip tsjinhâlde.
- B Ja, want wy moatte it útwiskjen fan it ûntstean fan it lânskip tefoaren komme.
- C Nee, want de feroaring is net slim.
- D Nee, want wy steane der yn Fryslân noch ridlik goed foar.

De sprekker hat it oer ‘lânskipstradysje’ en ‘kollektyf ferline’ (r. 122-123) en hy neamt fjouwer begripen yn alinea 7: ‘tiid’, ‘romte’, ‘kollektyf ferline’ en ‘lânskip’.

3p 8 Hoe past it begryp ‘lânskipstradysje’ by de oare fjouwer begripen? (Brûk foar it antwurd net mear as 20 wurden.)

Yn alinea 7 stelt Looper de fraach oft in nije boarger yn Fryslân de taal (it Frysk) nedich hat.

1p 9 Sitearje de sin út dy alinea dy’t Looper syn antwurd jout op dy fraach.

Looper wol dat der dúdlik ûnderskied makke wurdt tusken profesjonele funksjes yn Fryslân en Frysk boargerskip.

- 2p 10 Wêrom fynt Looper dat ûnderskied fan belang? (Brûk foar it antwurd net mear as 20 wurden.)

“Assimilaasje slagget net neigeraden dat men de taal fan it nije lân better behearsket, mar neigeraden dat men ek it nije kollektive ferline as part fan it eigen ik belibje kin.” (r. 179-183).

- 2p 11 Hokker paradoksale konsekwinsje hat sa'n eask foar de nijkommers? (Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.)

Yn alinea 9 pleitet Looper foar in bredere betinking yn de takomst.

- 2p 12 Oan watfoar ynhâldlik betingst moat sa'n bredere betinking foldwaan?

- 3p 13 Hoe ûnderbout Looper yn syn taspraak de stelling “wy meitsje it ferline eksklusyf en dêrmei jouwe wy oan dat wy de takomst ek eksklusyf meitsje wolle” (alinea 9)? (Brûk foar it antwurd net mear as 40 wurden.)

- 1p 14 Hokker kar makket Looper by eintsjebeslút as er kieze moat tusken lân en taal?

A Lân, want hy seit dat it kollektyf ferline bewarre bliuwe moat yn it lânskip.

B Lân, want hy seit dat Frysk foar goed boargerskip net needsaaklik is.

C Taal, want hy stelt dat taal de kaai is ta in goed begryp fan alles wat der om jo hinne bart.

D Taal, want sûnder taal is der gjin kultuer.

De titel fan de tekst is ‘Frysk boargerskip yn de 21ste ieu’.

- 2p 15 Wat is it wichtichste ferskil tusken it Frysk boargerskip yn de 21ste ieu en it Frysk boargerskip earder?

- 1p 16 Wat is it belangrykste skriuwoel fan de tekst?

A ynformearje oer it belang fan de slach by Warns

B oertsjûgje fan it belang fan goed boargerskip

C oertsjûgje fan it belang fan in kollektyf ferline

D oantrune ta it opheffen fan it ferskil tusken Fryske kultuer en kultuer yn Fryslân

## Tekst 2 Hoe't de provinsje Fryslân dochs noch Amearika ûntduts

---

- 1p 17 Hokker funksje hat alinea 1?

A fraachstelling

B gearfetting

C konklúzje

D oanlieding

“By einstjebeslút krige ... de parlemintêre demokrasy” (r. 25-29).

1p **18** Hokker stylfiguer brûkt de skriuwer hjir?

- A irony
- B paradoks
- C tsjinstelling
- D understatement

1p **19** Hokker fan de arguminten dy't Jorritsma oanfiert tsjin de krityk fan it kabinet hat betrekking op de omfang fan de Fryske delegaasje en net op it belang?

De skriuwer wiist yn de lêste sin fan de earste alinea foarút op in oar opmerklik aspekt.

1p **20** Hokker aspekt is dat neffens de folgjende alinea's?

“Foar Fryslân wie dy Compagnie in pynlike kwestje” (r. 38-39).

2p **21** Wat hat de Friezen yn de skiednis mei de WIC it measte sear dien? (Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.)

1p **22** Hokker twa soarten fan arguminten brûkt de skriuwer yn de twadde sin fan alinea 3?

- A arguminten op grûn fan autoriteit en empiryske arguminten
- B empiryske arguminten en feitlike arguminten
- C feitlik arguminten en kausale arguminten
- D kausale arguminten en arguminten op grûn fan autoriteit

De skriuwer hat krityk op it boek oer de Friezen yn Amearika.

3p **23** Hokker punt(en) fan krityk hat de skriuwer. (Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.)

It boek *Gevierde Friezen in Amerika* tsjinnet in polityk doel, stelt de skriuwer oan it begjin fan alinea 4.

2p **24** Hokker doel hie neffens de skriuwer it útbringen fan it boek *Gevierde Friezen in Amerika*?

1p **25** Hokker doel hie neffens de skriuwer it stjoeren fan de Fryske delegaasje nei New York?

1p **26** Hokker soarte fan argumintaasje wurdt brûkt yn alinea 6 om it al of net wolslagjen fan de Fryske dei yn New York te beskriuwen?

- A argumintaasje op grûn fan autoriteit
- B argumintaasje op grûn fan empirysk ûndersyk
- C argumintaasje op grûn fan fergeliking
- D argumintaasje op grûn fan kausaliteit

“Wy sille mar net mear freegje wat 1782 mei 1609 te krijen hat en ek net wêr't ús steateleden dan yn 1982 wienen, doe't Nederlân en de USA twahûndert jier Nederlânsk-Amerikaanske betrekkingen fierden” (r. 199-205).

2p **27** Wêrom moat dêr mar net mear nei frege wurde?

- De tekst kin nei alinea 1 yn twa stikken ferparte wurde.
- 3p **28** Tusken hokker alinea's leit de grins? Motivearje it antwurd. (Brûk foar it antwurd net mear as 20 wurden.)
- 2p **29** Wat bedoelt de skriuwer yn de lêste sin mei "derta feroardiele om de santjinde-iuske skiednis te werheljen"? (Brûk foar it antwurd net mear as 10 wurden.)
- 1p **30** Ta hokker tekstsoarte wurdt tekst 2 rekkene?
- A ferslach
  - B redenearring
  - C skôging
  - D útiensetting

## Tekst 1 en tekst 2

---

- 1p **31** Jou oan hokker eigenskip fan de Friezen yn beide artikels bekrítisearre wurdt.
- A It bûtensluten fan oare Nederlanners.
  - B It lizzen fan de klam op de betsjutting fan it eigen ferline.
  - C It te folle op eigen skiednis rjochte wêzen.
  - D It ûnterjochte grutsk wêzen op it eigene.

---

### Bronvermelding

*Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.*